



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein 31 augustus 2025 - 09.30 oere

In opfallend grut, gemêlearre en bûnt selskip –



dêrûnder in soad bern
- sammele him de
moarns nei it
doarpsfeest yn de
feesttinte by it
sportterrein oan de
Loodyk. Yn in wat oare
setting as gebrûklik.

De útnûging befette nammentlik de suggestje
om sa mooglik yn in wat oare klaaiing te



ferskinen as it sneinske
kloffy. Fierwei de measten
hiene dêroan gefolch jûn. It
resultaat mocht der wêze:
fakânsjeklean, wurkklean,
sportklean, koarte en
langeboek, huodden en
neam mar op. It paste
allegearre yn it tema Oars
as Oars. By binnenkomst
waarden jildmuntsjes



útrikke. It die letter bliken, dat dât de
oanwizing wie foar de groep dêr'tst by
yndield wiest. Nei de kofje socht elk
syn of har plak oan taffels mei
peaske-aaikes derop.

Pastor Alie Stork hiet ús wocom,
wêrby't se begûn mei it útsprekken fan
de seine. Elk mei him as bern fan God
seinige witte, ek hjoed yn dizze fiering;
foar God binne wy allegearre gelyk.

It gie yn dizze fiering dus allegearre
wat oars as oars. Sa wie der ek in pupkwis.

Dêryn waard de
kennis fan 'e
Bibel van de
oanwêzigen test.
Der wiene
bygeyks fragen



oer Bibelske
figueren en
útspraken.
Boppedat spile it

Wurdumer
Brassband
-ensemble
it begjin
fan lieten,
dêr 't de
namme



fan ret wurde moast, wêrnei 't
dat liet songen waard. Sa koe it
bare, dat midden yn de simmer
it "*Stille Nacht, Hillige Nacht*"
klonk. Mar der waard folle mear
songen: "*Komst allen tezamen*",
"*Daar juicht een toon, daar
klinkt een stem*", om mar ris

wat te
neamen
en it "*Ere
zij God*",
waarden
út folle
boarst



meisongen. Ferrassend wiene ek de filmkes,
wêryn't hieltyd twa bern befregde waard nei
harren ferskillen. Opfallend genôch hiene de
bern it dêrby
folle mear oer it
gedrach as it
uterlik fan de
oar – by
âlderen is dat
oars.





Yn de koarte oertinking
kaam nei foaren, dat
Jezus him ek net
bekroade oer it uterlik,
wol oer it gedrach.
Jezus ûntferme him oer
alle minsken,
benammen harren yn
de marzje fan de
maatskippij. Gods
skepping hat frjemde
paradysfûgels, allegear oars en dochs
prachtich. Litte wy dêrom besykje, as Jezus te
wêzen.



De blommen giene as
groet nei Neeltje en
Rein Hellinga oan de
George
Emersonstrjitte.

De fiering waard ôfsletten mei liet 425: "Vervuld
van uw zegen gaan wij onze wegen, uit dit huis
waar uw stem wordt gehoord."



By it útgien waard kollektearre foar (1) de
Voedselbank en (2) onderhoud gebouwen.



Meiwurkers:

Foargonger:	pastor Alie Stok, Berltsum
Alderling:	Elizabeth, Mozes
Diaken:	Folkert Jongbloed, Nieske Span
Muzyk:	ensemble Brassband Wirdum
Blommen:	Klaaske de Boer
Fierder:	tariedingskommissie mei û.o. Elizabeth Vogelzang, Drees Visser, Henk Jan Wiegers.

Tekst: AD

Foto's: ROB